



O F R Y S K E
G R Û N



Altijd een stukje
Fryslân om je hals?
In deze hangertjes
is echte Fryske
aarde verwerkt!

Te koop in onze
winkel in Joure of via
pompebledsjes.nl

MIDSTRAAT 1, JOURE WATZEVANDERWAL.NL

2025
2026


RYSK SELSKIP SWOL

Oan

Jiergong

54

Lede-administraasje: Brethouwerstraat 15,
8043 AZ Zwolle



oprjochte 8 febrewaris 1899



DE GRAAF

PIANO'S & VLEUGELS


VERKOOP EN VERHUUR



Sinds 1951 het adres voor

STEMMEN EN ONDERHOUD

Hanekamp 8 8023 TH Zwolle, telefoon (038) 453 55 87
info @degraafmuziek.nl



BESTJOER

foarsitter	Jan Bosgraaf	Smitserf 42 7951 JG Staphorst
	janendjoke@home.nl	/ 0522 464718 / 06 14268993
2° foarsitter / 2° ponghâlder	Henk Monkel	Gentiaan 23 7721 HA Dalfsen
	henmmonkel@kpnmail.nl	/ 0529 433175 / 06 30888376
skriuwer	Jolanda Lootens	Brethouwerstraat 15 8043 AZ Zwolle
	jolandalootens@live.nl	06 47585240
ponghâlder	Sjoerd Bakker	Koelmansstraat 10 7722 LX Hoonhorst
	sdabakker@outlook.com	/ 0529 401683 / 06 57255999
2° skriuwer	Jan-Tjerk Kuipers	Mandenmakershoek 5 8131 CZ Wijhe
	jantjerkkuipers@gmail.com	/ 0570 522329 / 06 42275636
lid	Annet Nieuwenhuis – Kokké	Schuttevaerkade 103 8021 HD Zwolle
	annetnieuw@planet.nl	/ 038 4537836

Lede-administraasje

Jolanda Lootens Brethouwerstraat 15, 8043 AZ Zwolle 06 47585240

IBAN rekkennûmer

NL95 RABO 0377 3373 66 op namme fan Frysk Selskip Swol

KONTAKTPERSONEN

Dalfsen	frou F. Smits	Vechtoever 11	06 53645726
Hatter	frou W. Steenbeek - Boschma	Hendrikjesweg 46	038 4442894
Kampen	frou J. Wiegersma	Nijverheidsstraat 11	06 19506520
Wezep	hear K. Ijtsma	Scheerderslaan 8	038 3769007
Wijhe	hear F. Kunst	Stationsweg 28	0570 521931
<u>Zwolle</u>			
Aalanden	frou B. Ypenga	Potmarge 29	038 4537164
Berkum			
Binnenstêd, Dieze en Veerallee			
	fam L. Nieuwenhuis	Schuttevaerkade 103	038 4537836
Holtenbroek	frou H. Osinga	Händellaan 359	06 44440759
Stadshagen	frou J. Lootens – Berg	Brethouwerstraat 15	06 47585240
Westenholte en Spoolde			
	hear H. van der Zee	Bouwkamplaan 6	038 4223588
Wipstrik	frou W. de Vries - Boersma	Carry van Bruggenstraat 25	038 4543033
Zwolle – Súd	hear G. Jellema	Westerbergmate 49	038 4657561

MEIDIJELINGEN BLEED FAN IT

FRYSK SELSKIP SWOL

Jiergong 54
nûmer 3

Oprijchte 8 febrewaris 1899

foarmoanne 2026

Folle lok en seine



en lûk der yn 2026 net te swier oan.

KRYSTMIEL 2025

Woansdei 17 desimber kamen 51 leden en 12 gasten yn Hotel-Restaurant 'Het Roode Hert' oan de Hessenweg yn Dalfsen byinoar foar it krystmiel. Wy meie it njonkelytsen wol in tradysje neame. Yn desimber 2008 hiene wy foar it earst in krystmiel. Troch lockdowns as gefolch fan it Koroanafirus koe it yn 2020 en 2021 net trochgean. Dit wie dus de 16^e kear.

Yn 'e rin fan 'e jierren hawwe ferskate artysten, sjonggroepen en koaren, wêrûnder it Frysk Sjongkoar Swol, foar de muzikale yntermezzo's soarge. Dizze kear ferhege de Fryske trûbadoer Adri de Boer (*hjiirnjonken*) mei in tal moaie (kryst)lieten de krystsfear. Oan dy sfear mankearre fierders neat. De seal wie moai oanklaaid mei krystferljochting, de tafels wiene kreas dutsen, de betsjinning wie alderfreonlikst, it krystmenu smakke bêst en, wat tige wichtich is en ek de bedoeling, de minsken koene it skoan pratende hâlde en der waard bytiden omraak lake.



Nei it wolkom en it iepeningswurdsje / krystoertinking oer negative en positive uteringen fan it tiidwurd 'ferrifelje', kaam om seis oere it foargesetsje op tafel; forelsalade mei appel, finkel, rezinen en appelsjerp. Dat hiene de gasten gau behimmele. De twadde gong wie tomatesop mei skinke en prei. Dat it yn in wynglêsoptsjinne waard, hie nimmen ferwachte. Skinke?, fregen guon har ôf.

Dat kin, want Friezen sizze gauris 'ham' yn stee fan 'skinke'. 'Net by de skinke troch snije.', is in siswize. Dat bestjut: it der goed fan nimme. No, dat die men by de tredde gong



(ferfolch op side 3)

ORANJEKOEKE

Op ús (nijjiers)middei op freed 30 jannewaris 2026 stiet om healwei twaen de kofje/tee mei in lekker stikje oranjekoeke foar jimme ree. De oranjekoeke komt moarns streekrocht út Fryslân. Farsker kin net!



Wa't middeis in grutte of lytse oranjekoeke mei nei hûs nimme wol, moat dy **foar 20 jannewaris bestelle!**

In lytse oranjekoeke kostet **€ 16.--**. Dêr kinne **6** of mear stikjes út snien wurde.

In oranjekoeke dêr't **12** of mear stikjes út snien wurde kinne kostet **€ 25.--**.

Ut in grutte oranjekoeke fan **€ 40.--** kinne **20** of mear stikjes snien wurde.

Dus ... hoe grutter de oranjekoeke, hoe goedkeaper it stikje!

Bestelle kin troch in e-mailsje te stjoeren oan fryskselskipswol@gmail.com of in telefoantsje nei ús ponghâlder Sjoerd Bakker 0529 401683.

Graach **dúdlik oanjaan** oft it om 6, 12 of 20 stikjes giet en hoefolle (1, 2 of mear). It jild ek graach foar 20 jannewaris oermeitsje op rekkennûmer NL95RABO 0377337366 op namme fan Frysk Selskip Swol.

FERGEES TAGONG FOAR 2 MINSKEN OP 30 JANNEWARIS 2026

Dizze bon is foar minsken dy't foar it earst mei ús selskip yn 'e kunde komme en miskien wol lid wurde wolle.

(Dus **NET** foar famylje of goekunde út Fryslân of earne oars wei.)

Namme:

Adres :

Postkoade :

en wenplak :

Tillefoannûmer:

E-mail:

Is/binne op 30 jannewaris 2026 **GAST** by it Frysk Selskip Swol.

Hy/sy hat/hawwe dizze bon krigen fan:



De Feriening Freonen fan Omrop Fryslân (FOF), is de stipersferiening fan de Omrop. It doel fan de feriening is it stribjen nei in goede publike Fryske Omrop foar radio en telefyzje. De FOF soarget foar ynformaasje oer Omrop Fryslân en stipet Omrop Fryslân by syn doelstellingen en aktiviteiten. De FOF hâldt kontakt mei har leden fia it ledeblêd *Each en Ear* en/of in nijsbrief. Foar leden wurde ekskurzjes, lêzings, in jiergearkomste ensfh. organisearre. De ledebydrage is op syn minst € 9.-- yn't jier.

Wolle jo ek FREON wurde fan Omrop Fryslân?

Stjoer in e-mail nei freonen@omropfryslan.nl

Of folje op webside www.omropfryslan.nl/freonen it formulier yn.



De Fryske Beweging.
sûnt 1945

De Fryske Beweging is de organisaasje foar minsken dy't wiis binne mei Fryslân en dy't har ynsette foar mear romte foar it Frysk en de Fryske kultuer.

De Fryske Beweging (DFB) is dwaande mei tal fan saken dy't fan belang achte wurde foar it fuortsterkjen fan de posysje fan it Frysk. DFB is mei-organisator fan de Fedde Schurerlêzing. Fierder rikt DFB ien kear yn 't jier de Fear yn 'e Broek út en wurde no en dan Plombrieven stjoerd nei persoanen of ynstânsjes dy't har op in bysûndere wize ynsette foar it Frysk.

Op Goeie.frl, de digitale nijsside fan de DFB, stiet, nijsgjirrich nijs oer alles wat mei Fryslân en de Fryske taal en kultuer te krijen hat. Under it bieldwurd 'Foar de rykdom fan Fryslân'

Goeie.frl

(ferfolch fan side 2)

ek. In kombinaasje fan trije stikken diamanthazze en in bakje stooffleis mei bakte ierpels en fryt, waarme griente, appelkompôte en salade. Dêrnei wie der efkes tiid om te bekommen (uitbuiken) en nei lieten fan Adri de Boer te harkjen.

As neigesetsje waard de minsken in mansk hazzenút-karameltaartsje foarset, dat se har mar al te goed smeitsje lieten. En noch in kopke tee of kofje ta beslút. Net op alle lotten dy't yn 'e rin fan 'e jûn ferkocht wiene, koe in priis falle, mar in tal oanwêzigen gie mei in (kryst)priis nei hûs. Wy kinne weromsjen op in tige slagge krystmiel.

(JB)



WÊROM'T MINSKEN GRAACH SJONGE

Yn 2003 waard, net foar de earste kear, yn Swol in Frysk koar oprjochte; it **Frysk Sjongkoar Swol**. Yn it ferline holden koaren it meastal net sa lang út. Mar nei 23 jier libbet it Frysk Sjongkoar Swol noch altyd as in hert. Yn in tiid dat alle ferieningen te krijen hawwe mei in weromrinnend ledetal, sjoch mar nei ús eigen Frysk Selskip Swol, kriget it sjongkoar der geregeld nije leden by.

Dan riist de fraach, hoe't it kin dat it Frysk Sjongkoar Swol dêr gjin lêst fan hat. Komt it troch de repetysjes, de útfieringen, it jierlikse útsje nei Fryslân en de midsimmermoeting? Moatte wy it antwurd sykje yn de taal. Dat yn 'e frjemdte it sjongen yn 'e memmetaal in gefoel jout fan efkes thús wêze? Of is it noflik byinoar wêzen it antwurd? Gesellich mei-inoar prate, kopke kofje of tee mei wat lekkers der by en mei-inoar wat sjonge. Dat heart hiel oanloklik. Bêst mooglik, dat minsken dêrom graach by it koar binne en oare minsken har dêr ek ta oanlutsen fiele. Of hat it te krijen mei de besiele en entûsjaste diriginte? Dat soe bêst ris kinne, want dêr giet in grutte rop fan út.

(ferfolch op side 4)

(ferfolch fan side 3)



It Frysk Sjongkoar Swol mei trûbadoer Gurbe Douwstra by it jubileum ta gelegenheid fan it 125-jierrich bestean fan it Frysk Selskip Swol.

It is allegearre psycholgy fan 'e kâlde grûn minsken. Dat hawwe jimme fansels al lang yn 'e gaten. It antwurd op de fraach, wêrom't minsken graach sjonge, leit yn de wittenskip. Undersiken en stúdzjes hawwe oantoand, dat sjongen in positive ynfloed hat op it brein en de mentale sûnens fan in minske. Jierren lyn stelden Dútske ûndersikers oan de universiteit fan Frankfurt al fêst, dat de konsintraasjes ymmunoglobuline-A en cortison ûnder it sjongen tanimme. It iene wurket as in ôfwar tsjin ynfeksjes ensfh. en it oare is in hormoan tsjin stress. Boppedat jout in brein ûnder it sjongen endorfines frij. Dat binne chemyske stoffen dy't in goed gefoel jouwe en gefoelens fan eangst en stress ferminderje.

En ... it lichem jout ûnder it sjongen oxytocine ôf. In hormoan dat assosjearre wurdt mei gefoelens fan sosjale ferbûnens en kontakt. Dat ûnderfine sjongers yndied, hawwe se my fersekere. Yn de folskmûle wurdt oxytocine it 'knuffelhormoan' neamd. Yn hoefier't dêr ûnder de leden fan it Frysk Sjongkoar Swol 'knuffele' wurdt, is net bekend. Dêr is ek gjin ûndersyk nei dien. Boppedat giet it nimmen in sprút oan! Dat bliuwt it geheim fan de koarleden.

Dêrneist ûntdiek in Sweedske ûndersiker, dat de herten fan koarsjongers tagelyk klopje én de hertslach ûnder it sjongen fertrage wurdt.

En ta beslút hat immen dy't sjongt gjin tiid foar prakkesaasjes. De 'mind body connection' is by it sjongen dus folslein oanwêzich. It kin net oars, as dêrom wurde de minsken sa graach lid fan it Frysk Sjongkoar Swol. Op nei it 25-jierrich bestean.

(JB)

Minsken fan foarby

Op sneon 6 desimber 2025 is ús lid **Jaap van Slageren** ferstoarn. Jaap waard berne op 3 novimber 1933 yn Wons (Wûns). Nei de ôfskiedstsjinst yn De Hoofdhof yn Berkum is er dêr troch syn neisten ek te hôf brocht. Jaap wie tige belutsen by it riden en farren fan ús selskip. Yn de ledegearkomste op 24 oktober brocht er, as ien fan de rekkenopnimmers, ferslach út fan de kontrôle op de finansjes. Jaap wie ek lid fan it Frysk Sjongkoar Swol. Dêr liet er op 7 novimber witte, dat er ûngenêsluk siik wie. Fjouwer wike letter is er stoarn. Yn de och sa persoanlike ôfskiedstsjinst song it koar trije lieten. Earst 'It marke'. Under it útdragen fan de kiste 'It âldershûs'. En as lêste 'It Heitelân', dat, hoe bysûnder, mei applaus wurdearre waard.


Feroarje.

“Wy binne noch sa bêst”,
dat seine pake en beppe.
Har dochter moast foar har
mar net om plak yn ‘t rêsthûs skreppe.
Sa gie it tritich jier ferlyn,
ús mem siet dêr dus middenyn.
“ Ik wenje hjir sa moai”
is no ús mem har sechje.
Al wit se fan myn soarch om har,
se komt mei dit ferlechje.
Ik tink oan tritich jier ferlyn
en sjoch itselde byld deryn.
‘t Patroan werhellet him,
troch generaasjes hinne.
Feroarje? Net ast âlder wurdst,
‘t moast moai sa bliuwe kinne.
Ik tink oan wat ik sizze kin
As ik oait oer de tachtich bin.....

Grytsje Kingma út ‘Tuzen Dagen’

(ferfolch fan side 11)

De provinsje Gelderlân woe mei in paintballgewear op 'probleemwolven' sjitte om se skou te meitsjen. Mar dat mocht net fan de rjochter. Boppedat, wannear is in wolf een probleemwolf? Hat in wolf problemen mei de minske, of hawwe minsken problemen mei de wolf? Dat lêste is njonkelytsen wol dúdlik. Bram en Hubertus, twa wolven dy't foar gâns wat opskuor soargen, waarden ta 'wolva non grata' ferklearre en mochten fan de rjochter ôfsketten wurde. Dat needlot oerkaam Bram yn desimber. Oft Hubertus it yn 'e smizen krige, is in riedsel, mar hy hâldt him al sa lang koest, dat er no fan de rjochter net mear ôfsketten wurde mei. Dêrmei is it wolveprobleem net út 'e wei. De twaspjalt tusken skieppehâlders oan 'e iene kant en natuerbeskermers en wolvesaakkundigen oan 'e oare kant is noch tige aktueel. En foarearst bart der fierders neat. Oant it in kear, op hokker wize dan ek, út 'e hân rint en hielendal mis giet. Litte wy hoopje dat it safier net komt.



OPLOSSING PUZEL

Tsien leden (trije mear as foarich jier) hawwe de oplossing fan de puzel yn it twadde krantsje ynstjoerd. De iene fûn it dreech, de oare leuk om te dwaan. Samar in pear reaksjes. Mar se kamen allegearre mei de goede oplossing;

Tsjerke en toer moatte midden yn it doarp bliuwe.

Dat sprekwurd wol sizze, dat it de billike wei lâns moat. Elkenien moat syn gerak ha. Dêr stribje wy as selskip ek nei. 'NU ELCK SYN SIN', sa't op de bekende Saanske klokken stiet. Dat is ek ús biedwurd. Alle jierren wurdt besocht in ferskaat oan nijsgjirrige programma's te bringen. Al hat it wol syn beheiningen, want grutte, djoere produksjes kin de brune net lûke. Hawar! Mei lytse(re) programma's hawwe wy ek hiel noflikke middeis. En dat foldocht skoan.

Op ús 'nijjersmiddei' op 30 jannewaris lotsje wy ûnder de ynstjoerders trije doaskes oranjekoeke út. As immen dy't útlotte wurdt, der net is, dan wurdt op 'e nij lotte. De oranjekoeke wurdt net thús besoarge.

IN APART FJOUWERTAL

Yn 'e Fryske Boekewike koe elkenien by in oankeap fan 15 euro der in fergees boek by krije, dat lykwols withoegau fuort wie, sa'n fraach wie dernei. Der is al in nije printinge kommen. It giet om in skitterend boek fan Anne-Goaitske Breteler, en it hjit: **Oan 'e ein fan De Oere**.

De Oere is in buorskip oan 'e westkant fan Moddergat, it buordoarp njonken Peasens, oan 'e seedyk fan it waad. Op in buorkerij wennen dêr trije bruorren en ien suster. De âldste, Pieter Zwart, hat in jier of fjirtich yn Amsterdam wenne om Frânsk te studearjen, dê't er dochs gjin wurk mei fûn, dat hy hat dêrnei hiel wat oars dien; frij ienfâldich wurk neffens syn goed ferstân. Sa gau as it koe, is er nei it fertroude stee weromkommen. De twadde, Wytke, hat efkes yn Brabân west, mar is al gau wer thúskommen foar it húshâlden en it noed stean foar har âlden en broers. Jan, de tredde, hat mei in hieltyd gruttere wein yn noard- en east-Fryslân en op 'e eilannen klean en oar tekstyl ferkocht op buorkerijen en yn rêsthuzen, dy't der doe noch mear wienen as hjoeddedei. Hy joech ek lêzings oer syn reizen en wie wiid en siid bekend. Mei dy klean hat der in goed ynkommen fertsjinne. De jongste, Dirk, die it boerewurk, dat er fan heit leard hie, en mei help fan Wytke. Har heit, Andries Zwart, hie foar dy tiid in grutte boer west. As rintier hie er dat lytsere spultsje kocht om Dirk oan in fatsoenlik bestean te helpen; hy miende dat Dirk net goed meikomme koe, en sa koe er eigen baas wêze. Mar ûnderskat him net, der gie mear yn him om as dat in oar sjen koe.



Anne-Goaitske Breteler kaam deun by de spitigernôch fertutearze buorkerij te wenjen nei't de lêste, Jan, al ferstoarn wie. Hja hat har yn it libben fan it fjouwertal en har âlden ferdjippe en dat mei leafde beskreaun. Dat dat goed slagge is, doar ik te sizzen om't se famylje fan my binne; ús heit wie in neef fan harren. Aldomke Andries wie in broer fan ús beppe yn Dokkum. Ik haw de buorkerij en har bewenners, útsein Pieter dy't der lang altyd net wie, goed kennen leard, fan myn bernejierren ôf oant de lêste tiid ta, doe't Jan dêr allinnich oerbleaun wie. Wa't alle ferhalen lêst, kin der wat mankelyk fan wurde, want maklik wie har mienskiplik húshâlden net altyd. Mar se hawwe der mei-inoar al wat fan makke. Hoe't dat gien is, en wêr't se moed en krêft fûnen, had de skriuwster treflik werjûn.

Anne-Goaitske Breteler, *Oan 'e ein fan De Oere*. It ferhaal fan de famylje Zwart yn Moddergat, Ljouwert, Afûk, 112 siden, mei foto's, € 14,95.

Riemer Roukema

IN MIDDEI MEI SIETSKE POEPJES

Fyske politisi fine wy rûnom yn ús lân; riedsleden, wethâlders, boargemasters, steateleden, deputearren, earste- en twadde keamerleden, steatssekretarissen, ministers en in inkeling skopte it sels ta minister-presidint. Dat betsjut dus, dat se harren net beheine ta it polityk-bestjoerlike wurk yn Fryslân.

Dat jildt ek foar ús gastsprekker op 'e nijjersmiddei; **Sietske Poepjes** (foto), dy't op 27 febrewaris 2024 ynsteallearre waard as **boargemaster fan de gemeente Olst-Wijhe**.



Foto: Wikipedia CC BY-SA 4.0

Fan 2007 oant 2011 wie Sietske Poepjes foar it CDA Steatelid en dêrnei 12 jier deputearre fan Fryslân. Fan 2011 oant 2015 hie se ûnder oaren ynfrastuktuer en miljeu yn har portefúlje. Fan 2015 oant 2019 kaam dêr ek taal en kultuer by.

Yn har lêste perioade as deputearre, fan 2019 oant 2023, hie se neist taal en kultuer ûnder oaren ûnderwiis, klimaat en enerzjy yn har portefúlje en wie se ek loko-kommissaris fan de Kening.

Mei har beneaming en ynstallaasje as boargemaster, hat de gemeente Olst-Wijhe in saakkundige bestjoerder yn hûs helle. Dat se as boargemaster û.o. algemiene bestjoerlike saken en koördinaasje, iepenbiere oarder en feilichheid, integrale hândhavening, kommunikaasje en noch wat oare saken yn portefúlje hat, is se, mei har jierrenlange ûnderfining, grif wol treast.

Oer har bestjoerlike ûnderfiningen as deputearre en boargemaster, en faaks ek oer kulturele en sosjale ferskillen tusken Fryslân en Oerisel, sil **Sietske Poepjes** ús **freedtemiddei 30 jannewaris** it ien en oar fertelle. Dat se dat op in tige ynnimmende en ûnderhâldende wize docht, is har wol tabetroud.

Dit is in middei om net te fersitten!

Wy hâlde dizze middei ek in kwis oer Fryslân en Friezen.

En by de ynrin stiet kofje/tee mei oranjekoeke foar jimme klear.

CANIS LUPUS

Op 7 maart 2015, kuiere Canis lupus yn Drinte de Dútsk-Nederlânske grins oer. Nee! It wie gjin asylsiker op wei nei Ter Apel. It wie in wolf! Natuerleafhawwers wiene alhiel fan 't sintrum en oeremus. It hiele lân wie yn opskuor. It bist hie him yn krapoan 150 jier net yn Nederlân sjen litten. No wie er werom. Mar hy (of sy) bleau net. Alleast hy liet him foarearst net wer sjen. Nei alle gedachten wie alle oandacht fan fotografen en media him fierstente drok oan 'e kop. Fjouwer jier letter fêstige de earste wolf har foargoed in Nederlân; op de Veluwe. Neffens National Geographic kaam it bist út in nêst yn de Dútske dielsteat Brandenburg en hie it hûnderten kilometers ôflein. It wyfke krige de namme GW998f. Dat hat wat wei fan in nûmerboerd, sa't kij dat yn 'e earen hawwe. Al hjitte se ek Jantsje 17 of Klaske 32, se hawwe ek in nûmer.

Eartiids, sa'n 250 jier lyn, wiene der yn Nederlân safolle wolven, dat jagers preemjes krigen op it ôfsjitten fan in wolf. Om achthûndert hinne waarden der sels grutte jachtpartijen organisearre. Nei't men oannimt, kaam de lêste wolf yn Nederlân yn 1868 oan syn ein. Wolven dy't oan 'e jacht ûntkamen, sochten in goed hinnekommen yn Poalen en Roemeenje. Gâns in ein rinnen mar alles better as in kûgel troch de kop, sille se tocht hawwe. Oan 'e ein fan de tweintichste iuw kamen se lykwols (letterlik) stapke foar stapke dizze kant wer út. Soene se yn 'e gaten hân hawwe, dat se yn 1979 op de Konvinsje fan Bern in beskermde status krigen hawwe? It skine hiel yntelliginte bisten te wêzen. Boppedat moatte alle lidsteaten fan de Europeeske Uny derfoar soargje, dat der in jachtferbod is en it bist him yn alle rêst fuortplantsje kin. No, dêr hat de Canis lupus syn rjochtopsteande earen wol nei hingje litten en tankber gebrûk fan makke. Sa njonkelytsen rinne der al hiel wat wolven yn Nederlân rûn. Benammen yn de provinsjes Gelderlân, Oerisel en Drinte mar ek yn Fryslân. En der kinne noch folle mear by, bewearde gelearden fan de universiteit yn Wageningen. Mar dat bliuwt net sûnder gefolgen. Harren oanwêzigens soarget net allinnich foar minder harten en wylde bargaen op 'e Veluwe, mar der binne ek al in pear tûzen skiep en in stikmannich ponnys sneuvele. Kenlik binne wolven dochs net sa snoad as sein wurdt. Se witte it ûnderskied net tusken bisten yn it wyld en bisten dy't hâlden en weide wurde. Skieppehâlders moatte harren bisten mei stekken en roasters tsjin de wolf beskermje. Mar dy lit him dêr lang net yn alle gefallen troch tsjinhâlde. Tweintich sentimeter heger, is it advys fan al of net selsbeneamde wolvesaakkundigen. Nei hast sân jier witte we noch altyd net goed, wat we mei de bisten oan moatte.



(ferfolch op side 12)

OP BESITE BY TRESOAR (2)

Yn it foarige krantsje (desimber) fan dit winterskoft, stiet in ferslach oer de besite fan de Fryske lêsklup fan Swol oan Tresoar yn Ljouwert. It wie in literêre middei (hoe kin it ek oars mei in lêsklup), mei spesjaal omtinken foar de 95-jierrige Fryske skriuwer Durk van der Ploeg (foto).

De measte leden hawwe grif wol fan de man heard of ien of mear fan syn boeken lêzen. Hy waard berne yn Hoogkarspel, dêr't syn âlden hinnegien wiene fanwegen de krisis. Doe't er trije jier wie giene se werom nei Fryslân en fêstigen har yn Ealsum, krekt boppe Dokkum. Dêr is er opgroeid, yn de kontrei dy't yn syn literêr wurk sa'n wichtich plak ynnimme soe. Dat wurk bestiet út in grut tal boeken. Bygelyks *De lishilligen*, *It himelsk oerwurk*, *De kjeld fan it noarden*, *De lêste floed*, *Foarby it Boarkumer fjoer*, *In fauna fan ingels*, *Oer Atlantyske djipten* en gean mar troch.

In belangryk tema yn it literêre wurk fan Van der Ploeg is dat fan de minske dy't yn iensumens wrakselt mei it libben en de dea. Syn boeken geane faak oer ienlingen, yn harsels weromlutsen personaazjes en harren (fersteurde) relaasje ta harren meiminsken en de maatskippij. Van der Ploeg is in master yn it opropfen fan sfear, gauris dy fan in iensum lânskip, wêryn't bewenners ûnder drege omstannichheden foar harren bestean wrotte en wrame. De measte fan syn ferhalen binne dan ek net fleurich fan toan. Hoewol't hy ek wol romans skreaun hat mei humoristyske en satiryske eleminten lykas *De Snoekebek*, *De Amerikaen* en *De dei lûkt nei de jûn*, dy't neffens guon kritisi minder goed slagge binne.

En no is, ta eare fan syn 95^{ste} jierdei, de roman *De ierde giet troch minskenhân teloar* ferskynd. Haadpersoan yn dizze roman is learaar biology Aling Koudenburg, dy't der ûnrjochtlik fan betichte wurdt dat er ien fan syn studinten tenei west hat. Dat bringt him sa fan 'e wize dat er net langer ûnder de minsken doart te wêzen en dêrom siket er oar wurk. Hy sollisitearret en kriget in baan as fûgelwachter op in ûnbewenne eilân foar de Dútske kust. Troch min waar, hurde wyn, in stoarmfloed en mei in ûnferwachte gast moat er flechtsje foar heech wetter. Dy flecht rint út op in lange dramatyske reis.

(JB)

*Driuwend yn 'e wyn*

*Hoefier moat immen dochs reizge ha,
foardat er in mins hite mei?
Ja hoe lang moat in do oer de seeën flein ha,
ear't er sliepe kin njonken de wei?
Hoe lang fine kûgels noch paad yn 'e de loft
om te deadzjen by nacht en by dei?*

*It antwurd, myn freon, dat rûzet yn de wyn,
it antwurd dat rûzet yn 'e wyn.*

'Blowin' in the wind' fan Bob Dylan. Oersetting Harmen Wind



It Frysk Sjongkoar Swol sjongt al mear as tweintich jier mei in soad nocht en wille bekende en minder bekende Fryske lieten. Elk dy't sjonge wol, kin lid wurde. Men hoecht net lid te wêzen fan it Frysk Selskip Swol. Men hoecht de Fryske taal net iens machtich te wêzen. As der mar yn it Frysk songen wurdt!

Sa no en dan fersoarget it koar in optreden yn Swol of earne oars. Ienris yn't jier hawwe de leden in útsje nei Fryslân. Neist it opsnuwen fan in stikje kultuer of histoarje, sjongt it koar dan yn in fersoargingshûs. Yn 'e simmer komme de leden byelkoar foar in gesellige midsimmermoeting.

Freedtemoarns om 10.00 oere repetearret it koar yn it Moetingssintrum 'Het Anker', Voorsterweg 36, 8042 AD Zwolle (Westenholte). Elk dy't fan sjongen hâldt is fan herte wolkom by it koar. Want sjongen ferbynt minsken en makket minsken bliid. Net allinne de sjongers. Ek de taharkers.

Kenne jo immen, dy't graach sjonge mei, trúnje him/har dan oan om ris nei in repetysje te gean. Dat jout fierders gjin ferplichting.

Nim foar mear ynformaasje kontakt op mei ien fan dizze minsken

Douwe Boersma	foarsitter	0523 656802
Simon Galema	skriuwer	06 51562533
Jolanda Lootens	ponghâlder	06 47585240
Jelma Wiegersma	diriginte	06 19506520



Freed 30 jannewaris 2026 om 14.00 oere (ynrin fan 13.30 oere ôf) yn 'De Weijenbelt'

Campherbeeklaan 82, Zwolle

Wat jimme fan Fryslân en de Friezen witte, kinne jimme dizze middei blike litte yn in spesjaal foar dizze middei gearstalde



Net al te dreech, mar och sa noflik om mei-inoar de fragen te beantwurdzjen.

Sietske Poepjes, boargemaster fan de gemeente Olst-Wijhe fertelt oer har wurk en ûnderfiningen as boargemaster en eardere deputearre fan Fryslân.



Troch har wize fan fertellen, kinne jimme der wis fan wêze, dat sy jimme gjin tel ferfele sil.

**It is ús nijjiersmiddei en dêrom stiet by de ynrin kofje/tee mei oranjekoeke foar jimme klear.
EN ... DER IS DIZZE MIDDEI IN FERLOTING MEI MOAIE PRIZEN !!!**